

Der is gjinien dy't alles  
wit en ek gjinien dy't  
neat wit

# Op 'e Skille

Ferskynt hûs oan hûs yn 'e Greidhoeke

## Jurre 495

Bliidskip by Jelmer en Anita Chardon nei prolongearjen fan titel op Hengstenkeuring

Pagina 3>

## Musicus

Nije bondel mei Fryske lieten by ôfskied Hindrik van der Meer fan Kwartettekoar

Pagina 7>

## Frysk damjen

Hartwerter binne wer klubkampioen, al wie it yn de finale noch wikkerdewik

Pagina 9>

# 'Ik bliuw tichtby mysels. It is in dokumint fan in perioade'

**Weidum** – It wurdt muzikant Sytse Haima út Weidum gauris frege wat foar wurk er neist it meitsjen fan muzyk eins docht. Muzyk is in leuke hobby, mar om dêr no jins brea mei te fertsjinjen. Sytse docht it al. Hy is muzykman yn ieren en sinen en hat dêrby altiten syn hert folge, al wie't miskien tsjin better witten yn. 'Tsjin better witten yn?' is dan ek de titel fan syn nije CD, dy't op sneintemiddei 3 febrewaris yn it doarpshûs fan Weidum presintearre wurdt.

Troch Hinne Bokma

Wa't syn muzikale c.v. besjocht, knipperet faaks even mei de eagen. De diskografy, dy't syn muzikale libbensrin yn byld bringt, toant in lange list fan singles, langspylplaten en CD's, dy't yn de rin fan de jierren útbrocht binne. Mear as tweintich jier foarme er mei Jan Seunnenga it duo Pigmeat, dat sels oer de lânsgrinzen sukses hie. No makket er diel út fan de feestband De Suskes en is er solo aktyf. Mei-inoar binne dat der op't stuit sa'n 120 optredens yn't jier.

## Selsfertrouwen

In libben sûnder muzyk is foar Sytse (58) net yn te tinken. „Ik ha nea bewust keazen foar de muzyk, ik bin deryn rôle en fan it ien is it oare kaam”, sa jout er oan. Muzyk jout him de mooglikheid om sjen te litten wa't er is. „Troch de muzyk bin ik út myn skulp kommen. It hat myn eigenwearde wol goed dien”, stelt er. It hat him mear selsfertrouwen jûn. „Ik doarde op skoalle eins net iens in sprekbeurt te hâlden en sjonge of blokfluitsje op skoalle fûn ik freeslik om te dwaan”, jout de musicus oan.



Sytse Haima: 'It meitsjen fan muzyk hat myn eigenwearde wol goed dien.'

„Muzyk hat my as persoan wol rjochting en selsbetrouwen jûn. De positive reaksje op wat ik doch binne dêr in befestiging fan.” De leafde foar de muzyk siet der by Sytse al betiid yn. „Ik wenne noch thús. Ik ferfeelde my wat en bin dêrom mei in pear jonges út de buert begongen mei it meitsjen fan muzyk. Mei Pier Koopmans, Daniël Span en Jan Geert Wierstra foarme er de band FUC. De jonges songen yn it Ingelsk. Doe't Sytse de kâns krige yn it oare band

te spyljen, wie it dien mei FUC. Hy stapte oer nei de lanlik spyljende band Kobus gaat naar Appelscha.

## Pigmeat

Ein 1988 wie it begjin fan Pigmeat. Tegearre mei Jan Seunnenga makke er folk- en rootsmuzyk. Tradisjonele ferskers waarden kombinearre mei hieltiten mear eigen wurk. Earst foaral yn it Ingelsk, letter ek yn it Nederlânsk en it Frysk. Nei tweintich jier en mear as twatûzen optredens yn binnen- en bûtenlân

kaam der yn 2009 in ein oan Pigmeat. In DVD foarmet in moaie herinnering oan in daverend ôfskiedskonsert. Nei in koarte tiid fan besinning makke Sytse in trochstart mei Ernst Langhout en Johan Keus en mei De Suskes mei ûnder oaren Sipke de Boer. De Suskes bringt yn 2011 de earste singel út en wurdt ien fan de meast frege feestbands. Om wat tsjinwicht te bieden wurket Sytse neist de optredens mei De Sukses ek oan in solokarriêre.

Under de titel 'Beppe sei noait nee' brocht er yn 2015 syn earste CD-singel út. Yn 2016 ferskynde de earste CD mei as titel 'De stille jout lûd'. Dêrmei woe er oanjaan dat er noait in lûdroftige prater west hat. Syn rol by Pigmeat wie dy fan muzikale motor op 'e eftergrûn. Se neamden him dan ek wolris de 'stille'.

## Beskôgend tintsje

Mei de CD liet Sytse in oare kant fan him sjen. Op de CD steane ynbanige nûmers mei in persoanlik en beskôgend tintsje. „Ik gong mear de djippe yn.” Ferskes dy't troch de jierren hinne opnaam binne yn it hûs, dêr't syn heit en mem harren lêste jierren wenne ha. Mei de nije CD 'Tsjin better witten yn?' giet er op dy ynsleine wei fierder. „Ik bliuw tichtby mysels. It is in dokumint fan in perioade. Fer-skillende fazen fan it libben wurde besongen”. It giet bygelyks oer it jong fersjerren fan syn broer, dat in grutte wjerslach hân hat op it libben fan it gesin Haima. In oar ferske giet oer it fersjerren fan de mem fan syn frou Nienke. Sytse sjocht sawol werom as foarút en konsta-tearret dat hy ek net ûntkomt oan it âlder wurden. Op de CD steane ek twa ynstrumentale nûmers. Ien dêrfan hat de spannende titel 'De Slach by Boxum' krigen. It nûmer giet lykwols net oer de slach, dy't de Fryske en Spaanse soldaten op 17 jannewaris 1586 by Boksum levere hawwe. By de muzyk moast Sytse tinke oan stridende legers en doe wie de titel fan it nûmer gau betocht.

De presintaasje fan 'Tsjin better witten yn?' is op sneintemiddei 3 febrewaris yn it doarpshûs yn Weidum. Om 15.00 oere gean de doarren iepen.

**Timmer- & Aannemersbedrijf**

**van Ruiten**

**OOK STALLING MOGELIJK**

INFO@AANNEMERVANRUITEN.NL • 06 - 24 629 763 • WOMMELS

**skilder nedich**

**www.skilder.nl**

**06 - 53360461**

**Schoonheidssalon Joke**

Praktijk voor huidverzorging

**25 jaar** 1994-2019

Lid ANBOS

De Dobbe 3a, 9022 BE Mantgum • Tel. (058) 250 16 18

info@schoonheidssalon-joke.nl • www.schoonheidssalon-joke.nl

**Websitebouwer in optima forma**

- ✓ Aansprekend design
- ✓ Heldere indeling
- ✓ Geoptimaliseerd voor zoekmachines
- ✓ Gebruiksvriendelijk beheersysteem
- ✓ Wordpress specialist
- ✓ Betrouwbare hosting
- ✓ Technisch onderhoud
- ✓ Dagelijks back-ups
- ✓ Deskundige ondersteuning
- ✓ Optimale beveiliging

**Jaring Rispens**

websitebouwer

06 14 65 77 66

jaring@5online.nl

www.5online.nl

Wommels / Heerenveen